

# MAITIID EN AEISIIKJEN.

## KLUBLIET FEN KLUB „DE LJIP”.

Wize : „Loflied op het biertje”.

1. Ik haw' mei myn frjeonen in klubke,  
In ploegje gesellich en bliid,  
Wy komme jiers ienkear mar by 'noar,  
Det is ús gesellichste tiid.  
Den gean w' er op út mei de polsstök,  
De wille nei 't hichtepunt rikt.  
Den sjonge wy fleurich ús sankjes,  
Neidet it him foeget ef skikt.

Refrein :

Sjong, sjong, sjong fen ús klub,  
Gean der fol moed wer op los,  
Rin, rin, rin mar ris flink,  
Siikje, to siikje nou dochs.  
Yn aesisikerstiid is it libben sa moai,  
't Wirdt ús sa rom en sa ljocht,  
't Giet er om hwa 't nou de measten ris fynt,  
Ef wol de broeden oan brocht.

2. En as den de maitiid yn 't lân is,  
Men heart wer it fûgelgerop,  
Den komt 'r frjeonskiplike fieling,  
Den stekt men de koppen wer op.  
Den praet men oer Ljippen en Skriezen,  
Oer 'n Tjirk en in Hoans ef in Snip,  
Ef oer 'n âld Roek dêr 's op jagen,  
Och, hwet is men den op jins skik.

Refrein .

3. As winterdei it wetter  
It lege lân oerstreamt,  
Leit alles dêr biditsen,  
Hweroer men maitiids dreamt,  
Mar komme den de heechste koppen,  
Der iertiids al grien ûnderwei,  
Den bounset ús it herte,  
Men groeit, ja men libbet wer mei.

Refrein .

4. Den tinkt men oan 't Hânslân, Marfintsjes,  
Oan Bird, Boarch, Djipsleat, Ægehoek,  
Oan Wyllân, oan Wâldlân, oan Warren,  
Men tinkt ek hiel faek oan 'e Roek.  
Men kin ek troch 't Túnlân nei „Sodem”,  
't Nije haeigat troch nei de Skeansleat,  
It flearboskergat om is fierder,  
Né, den mar ris nei de Rûchsleat.

Refrein .

5. Den sjucht men al farkjend it fjild oer,  
It fûgelgûd djoeit sûnder rêst.  
It wjukkelt, koptommet en pearret,  
Ef goait knikjend striekes yn 't nêst.  
Fûleindich den d' aesisiker digert,  
Sa fier as syn each den mar rikt.  
Den siket 'r, rint 'r, polsspringt, 'r,  
Wylst 'r út en troch aeikes oppikt.

Refrein .